

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....

Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: flat, doar, net en oar)


**Gedicht**

Jelke wennet yn in arke,  
 Josje wennet op in .....  
 Hinke yn in lúkse filla  
 Sis no sels, wa wol dat .....  
 Mar de measten yn 'e klasse,  
 ha in hûs krekt as in .....  
 Mei in dak fan plaat of pannen,  
 muorren, ramen en in .....



**Op 'e bou**


Bram, Hessel en Bas bouwe in hûs.  
 Mar se binne harren ark kwyt.  
 Ien mist syn hammer, ien syn  
 skroevendraaier en ien syn seage.  
 Jousto it ark eefkes oan de  
 mannen werom?



..... mist syn hammer.

..... mist syn skroevendraaier.


..... mist syn seage.



We bouwe in hûs

Wat brûk je wol en wat brûk je net om in hûs te bouwen.

Skriuw **WOL** of **NET** by de plaatsjes.



.....




.....



.....



.....




.....




.....



.....



.....





.....



.....

NEFFENS MY  
HA WE WAT  
FERGETTEN



Op 'e bou  
WIER OF NET?



**Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)**

1. De arsjitekt hat it hûs earst tekene.
2. Alle huzen binne fan stien.
3. In kraan kin swiere dingen tille.
4. Dizze garaazje kriget in plat dak.
5. Alle huzen ha in tún.
6. De timmerman makket elke wike wol in hûs.
7. Op in hûs lizze altyd dakpannen
8. De betonmole draait.
9. Beton kinne je sels meitsje.
10. Alle huzen binne like djoer.



**Bouwe - 4**  
**TROCHSTREEKPUZEL**

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.



S	T	I	E	N	B
B	O	U	W	E	E
D	M	H	Û	S	T
O	A	D	A	K	O
A	A	T	Ú	N	N
R	R	H	O	U	T

TÚN = grien

BOUWE = brún

BETON = read

DOAR = pears

HOUT = giel

RAAM = oranje

DAK = blau


STIEN = roze

Asto it goed dien hast bliuwe der 3 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet? Skriuw it wurd hjir ûnder op.

Ik wenje yn in .....

**Dyn hûs**

Tekenje dyn eigen hûs. Of it hûs fan dyn dreamen. Kleurje dyn hûs moai op.



# Bouwe - 5

## SUDOKU





Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.  
In hammer, seage, knyptange, spiker en planke.

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

**Kinsto de oare plaatsjes tekenje?**





tekst: Jelle Bangma

Muzyk: Meindert Bosklopper

**Underdak**

Minsken moat in plakje hawwe  
foar de fun en it gemak.

Yn in flat of yn in rychje,  
fraai fersierd of lekker strak.

Alle minsken ûnderdak,  
elkenien in eigen plak.

'k Soe wol yn in wenboat wolle,  
mar in wenboat wibelt sa  
En as't dan begjint te stoarmjen,  
Noah, harrejakkes ba!

Alle minsken ûnderdak,  
elkenien in eigen plak.

'k Soe wol yn in flatsje wolle,  
mar in flat is soms sa heech.  
Ast dan oer de reling hingest,  
Noah, ik ha hichtefrees!

Alle minsken ûnderdak,  
elkenien in eigen plak.

'k Soe in hiel grut hûs ha wolle  
soksawat as in kastiel,  
want dan spylj' ik út 'e toer wei,  
stean ik op in wrâld-toaniel.

Alle minsken ûnder dak  
sa'n kastiel dat is myn plak!

